

## Fryske literatuer, op oare wize lêzen

Reinier Salverda en Eric Hoekstra

### Summary

*This article provides an introduction to the seven papers which were presented at the 1st Day of Frisian Literary Studies and which are reproduced here in this special issue of It Beaken.*

Letterkunde is yn syn praktyk it wittenskiplik bestudearjen fan literatuer. Mar wat is it úteinlike doel fan 'e letterkunde, en mear yn it algemien, fan 'e geasteswittenskippen? Sjogge wy nei de matearjewittenskippen, dan sjogge wy dêr as ultym ûndersyksdoel it befiemjen fan 'e essinsje fan hielal en matearje. Foar de geasteswittenskippen leit it dan as fansels yn 'e reden, dat wy de minsklike geast befiemje wolle. De minsklike geast is foaral foarme en beskaat troch de taal, en literatuer is wol it meast komplekse brûken fan taal: sels boeken fan deade auteurs hawwe de macht om kultueren en persoanlikheden te fieden en te (mis)foarmjen.

Wat wy minsken yn ús libben te witten komme, hawwe wy foar it meastepart fan oaren heard of lêzen. Hoe't soks yn syn wurk giet, stiet bekend as 'kommunikaasje'. Efter dy ienfâldige alledeiske neamer giet in man-nichte oan prosessen beskûl, fan it ferwurkjen fan 'e allerienfâldichste ynformaasje oant djip yn 'e keunst fan it begripen, mei syn ûneinige diminsjes en de hegere feardichheden dy't wy nedich hawwe om 'e meast komplekse ynterpretaasjes produsearje te kinnen. En dat allegear yn in wrâld fan 7,5 miljard minsken, en yn sa'n sântûzen ûnderskate talen. Wy hawwe it hjir dus oer myriaden wizen fan kennen, kenber meitsjen en buorkundich meitsjen.

De Fryske letterkunde is mar in tûchje op 'e rôk fan dat ûnbidige geastes-universum. De Fryske literatuer is de literatuer fan in lytse minderheidstaal. Dy literatuer hat in eigenens, mar krûpt dêrnjonken ek op 'en nausten de Nederlânske literatuer oan, krekt sa't de Fryske taal dat docht. Fryske skriuwers binne net allinne twatalich, mar ek biliterêr, as wy, krekt as Barokdichters, dat wurd sa brûke meie. Der kin praat wurde fan in dûbele struktuer: bekend wêze mei de Nederlânske literatuer en bekend wêze mei de Fryske. Dy twa beynfloedzje inoar en biede gelegenheid ta allerhanne ynteraksjes.

Likernôch de helte fan alle bewenners fan 'e provinsje Fryslân praat geregeldwei Frysk. Dat binne sa'n 300.000 minsken. Mar in hiel lyts part

fan dyen lêst geregeldwei Frysk. Mar oft in literatuer grut of lyts is, makket foar de letterkunde oer 't generaal neat út. Nammers, sels fan in yn ferhâlding lytse literatuer lykas de Fryske docht bliken, dat dy hieltyd wer in *Fundgrube* is, dêr't net-ferwachte rauwe diamanten yn oantroffen wurde, dy't oant dan ûnbekend wiene. Op sa'n wize wolle wy dêrom net allinne ús Fryske lêzers, mar ek ús Nederlânske en bûtenlânske kollega-letterkundigen yn 'e kunde komme litte mei de Fryske literatuer en letterkunde. Net (allinne) om it moaie derfan, en ek net wakker om it Frysk-eigene. Mar oars: frij, ûndersykjend, mei ferbylding, mei each foar it bysûndere en mei omtinken foar it ûngewoane en ferrassende fan dy Fryske literatuer.

Op dit plak konsintrearje wy ús op 'e sân lêzers dy't yn dizze *Beakenbondel* oan it wurd binne en op 'e delslach fan harren letterkundich lêsuundersyk sa't dat presintearre is op 'e *Letterkundedei* te Ljouwert fan 7 oktober 2016.

Piet Gerbrandy makket Gysbert Japicx en syn wurk fris en nij, troch tige sekuer te lêzen en saken nei foaren te heljen dy'tst net samar fansels eefkes sjochst (yn syn bydrage mei as titel: *Temmen en inbedden. Op zoek naar de ziel van Gysbert Japicx*). Hy set it skynljocht op frijheid en konvinsjes, en wiist derop, dat it wurk fan Gysbert Japicx gauris hybride fan aard is. Troch sa'n dûbele struktuer binne ynteraksjes en ynterpretaasjes mooglik, dy't de bestjurrens fan 'e Renêssânsefoarmen trochbrekt, dy't oars klisjees wurde soene. Wy helje oan:

*Vervolgens barst hij los in een tiental Psalmen, die echter steeds worden afgewisseld met persoonlijke beschouwingen die men deels aan onze dichter, deels aan de herder zou kunnen toeschrijven. ... Zouden we kunnen stellen dat de dichter zijn hartstochtelijkste lyriek het liefst omfloerst door er een wat meer objectief kader omheen te plaatsen? Wil hij soms aangeven dat wat ons ten diepste beroert nooit losgekoppeld kan worden van zijn maatschappelijke context? Of benadrukt hij juist dat diep verborgen in het leven van alledag permanent een vuur brandend wordt gehouden?*

Alpita de Jong past in folslein oare wurkwize ta (*De wet van de voorwaartse bûtensprong*). Sy lêst anno no hiel oars wat yndertiid skreaun en tocht waard. Hiel oars ek as wat sûnt wizânsje wurden is troch tradysje en gewoante, konvinsje en kanon; hiel oars foaral ek, om't dat wolris goed wêze kinne soe foar de takomst fan 'e Fryske literatuer. Yn it spoar fan Halbertsma makket sy har hjir sterk foar it op-in-oare-wize-lêzen; ûnbefongen, nijsgjirrich en fernijend: Fryske literatuer sjoen as de Oare,

kwantitatyf ûnlykweardich, mar yn syn unisiteit lykweardich oan elke oare literatuer. Wy sitearje:

*Gysbert Japicx, het Fries en de Friezen waren voor Halbertsma hulpmiddelen om een tegengeluid te laten horen. Hij speelde ermee maar deed er tegelijk ook veel onderzoek naar. Voor hemzelf was dat onderzoek een poging om grip te krijgen op vooroordelen en tegenstrijdigheden, over fatsoen en gekunsteldheid, cultuur en beschaving.*

Abe de Vries lit sjen troch hokker histoaryske ûntjouwings en persoanlike foaroardielen oft it wurk fan 'e dichter Marten Hepkes Bakker (1848-1927) bûten de kanon set waard, dy't ûnder ynfloed fan 'e globalisearjende Jongfriezen ta stân kaam (*In korreksje op de kanon. Libben en poëzij fan Marten Hepkes Bakker (1848-1927)*). Yn syn stúdzje is te lêzen hoe't de Fryske literatuer ek foar kenners in *Fundgrube* is, dêr't nijsgjirrich wurk yn ûntdutsen wurde kin, as men alteast in ûnbefoaroardiele en begripende lêzer wêze wol. Wolle wy each krije kinne foar de orale kwaliteiten, de maatskiplike belutsenens en 'e naturalistyske eigenskippen fan Bakker syn poëzy, dan is mar ien ding nedich: goed lêze en begripe kinne. De Vries seit it sa:

*Dy nasjonale taalpolitike bril moat ôf, in betingst foar goed lêze, dan blykt Bakker likegoed in persoanlik taalkeunstner. Syn poëzij leit op de oergong fan in kollektyf nei in persoanlik perspektyf yn de literatuer, in ûntjouwing dy't yn Nederlân mei de Tachtigers al ynsette.*

Piter Boersma nimt in assosjative, ûndersykjende wize fan lêzen foar kar, dêr't in soad yn tastien is (*Friesche Tjerne is gewoan in minske*). Hy ferdiget it psycho-analytyske proefskrift dêr't Hein de Jong op promovearre, in suver noveleske analyze fan wat faaks wol Gysbert Japicx syn bêste wurk hjitte mei: *De Friesche Tjerne*. Wat him boeit is hoe't De Jong wiist op it foarmlik hybride karakter fan dat wurk; hoe't de ûnderskate en ûngelikense ûnderdielen fan dat koarte stik inoar beljochtsje en ferhelderje, sadat se yn harren ynterpretaasje as gehiel dochs noch in unike ienheid útmeitsje, dy't foar in grut part mei help fan psycho-analyze oan it ljocht brocht wurde kin. Of, sa't De Jong it ûnder wurden bringt:

*Gysbert heeft op dichterlijke wijze Tjerne in al zijn creatieve kracht en menselijke zwakheid beschreven en daarmee een echt mens neergezet, die als eerste held in de Friese literaire canon beschouwd moet worden. Een simplificatie of idealisering van de figuur Tjerne kan de ontwikkeling van de literaire wereld in Friesland niet dienen.*

Marc van Oostendorp lêst Tsjêbbe Hettinga út syn saakkundigens op it mêd fan 'e klankstruktuer fan taal en poëzy wei (*Dual metrics in Tsjêbbe Hettinga's poetry*). Hy lit sjen hoe't wy by Tsjêbbe Hettinga nei de foarm in dûbele struktuer oantrefte. Oan 'e iene kant telt Hettinga it tal wurdliiden fan syn rigels, oan 'e oare kant leit it tal plakken dêr't klam op leit ek fêst, mar dy beide struktueren steane alhielendal los fan inoar en lykje ûnderskate doelen te tsjinjen. Van Oostendorp toant oan, dat Hettinga it tellen fan wurdliiden nei alle gedachten ûntliend hat oan Nobelpriiswinner Dylan Thomas, fan wa't Hettinga poëzy oerset hat. De plakken mei klam binne fansels wichtich yn ferbân mei it foardragen, mar wat de wurdliidestruktuer oanbelanget seit Van Oostendorp:

*What could be the reason behind this use of dual metrics? One hypothesis we may consider is that they serve two different functions of Hettinga's poetry. The syllable count seems a hidden organizing principle that is at best 'seen' on the written page. It is unlikely that any listener would ever detect it when Hettinga was performing his poems: the lines are too long, and the difference between odd and even-numbered lines too subtle.*

Friduwih Riemersma dêrfoaroer, ûndersiket de polityk-ideologyske diminsje dy't yn elke tekst apart oan 'e oarder is, yn alle wurden dy't ien skriuwt of lêst, yn 'e wize dêr't skriuwerskip en ynterpretaasje op ynfolle wurde en opboud (*Wa't skriuwt dy bliuwt. Jelle Brouwer en de politisearring fan de Fryske literatuer*). Se lit sjen, dat it wurk fan heechlearaar en skriuwer J.H. Brouwer somtiden skaaimerke wurdt troch in tige depolitisearre, harmony sykjend skriuwerskip. Se heakket deroan ta:

*De twa fûnemintele, tsjinoerstelde foarmen fan polityk, depolitisearje en (re)politisearje, binne neat oars as in formulearring fan de oerâlde politike dichotomyen fan konsensus en 'dissensus', oarder en frijheid, en harmony en kontroverze.*

Henk van der Liet besjocht it Fryske wurk fan Jelle Brouwer as skandinavist en makket, al mar lêzend, taljochtsjend en kommentarierjend, iepenings nei wêr't it by oersettings op delkomt: kultuerkontakt en de fiersichten dy't dat opleveret (*'Frjemd en dochs eigen?' Overdenkingen bij de vertalingen uit het Scandinavisch taalgebied van J.H. Brouwer en A.I. Brouwer-Prakke*). Van der Liet giet yn op 'e aard fan 'e kar dy't de Brouwers makken, doe't dy in stikmannich oersettings út it Skandinavysk taalgebiet ferskine lieten. Soks liedt ûnder oare ta de folgjende konklúzje:

*Wat nadrukkelijk in het oog springt, is dat de keuze niet gebaseerd is op bestaande Nederlandstalige keuzes en vertalingen. Daardoor kon het gebeuren dat literatuur-historisch gezien belangrijke novelles uit het oeuvre van bijv. Johs. V. Jensen, al wel in het Fries werden vertaald, maar (nog) niet in het Nederlands.*

De ferskillende wizen fan lêzen dy't yn 'e bydragen fan dit nûmer fan *It Beaken* op 't aljemint komme, bejouwe har bûten de bewende paden en stappe it frije fjild yn. Mei as sintraal boadskip: skuor it lêzen fan Fryske literatuer – krektlyk as it skriuwen – wei út it byntliif fan tradysje, konvinsje en kanonisaasje. Hjir past ynienen de lêste sin fan Friduwih Riemersma har artikel hiel goed by dy fan Alpita de Jong har bydrage: helje de Fryske literatuer wei út 'e eptigens fan bestjoerlike goedkarring en prize-takennerij, en jou him syn frijheid werom. Want de Fryske literatuer is fan syn skriuwers en syn lêzers, en fan net ien oars! Jou dêrom alle romte oan it wylde lêzen – of better: it frije, ûndersykjende lêzen, mei ferdrach en ferbylding, mei ynsjoch en hertstocht – sa't de sân skriuwers ús dat yn dit nûmer foardogge, dêr't se ús mei oer 't mad komme en ús útdaagje om soks sels ek te ûndernimmen.

